

Formulier foar de betsjinning fan 'e Hillige Doop oan 'e bern fan 'e leauwigen (3)

Presintaasje

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus, N.N. en N.N. hawwe kundskip jûn dat hja harren *soan / dochter* dope litte wolle.

Underwiis

Wannear 't yn de gemeente fan Kristus de doop betsjinne wurdt, dan bart dat út 'e namme fan ús Hear Jezus Kristus. Hy hat syn apostels de opdracht jûn : *My is alle macht jûn yn 'e himel en op 'e ierde. Gean der dus op út en meitsje alle folken learlingen fan my, doop harren yn 'e namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige Geast.*¹

Yn de brieven fan de apostels wurdt ek oer de doop sprutsen. Sa seit Paulus dat wa yn Kristus Jezus doopt binne, yn syn dea doopt binne. *Of witte jimme net dat wy allegearre dy't troch de doop mei Jezus Kristus ferbûn binne, dêrtroch mei syn dea ferbûn binne ? Wy binne dus troch de doop yn syn dea mei him begroeven, dat, lykas Kristus út 'e deaden opwekke is troch de hearlike macht fan 'e Heit, sa ek wy ek in nij libben lizze soenen.*²

Ek de bern meie diele yn dit geheim, yn oerienstimming mei de útspraak fan Jezus : *Lit de bern dochs by my komme, en kear har net, want foar sokken is Gods ryk.*³

It folk Israël triek mei syn bern út Egypte, it lân fan tsjusternis en slavernij, troch de Reidsee en de woastyn op wei nei it ûnthjitten lân. *En allegear allegear binne dy doopt yn 'e wolk en de see'*⁴ De belofte en de opdracht fan God wienen dus ek bedoeld foar de bern.

*Sa't God him opdroegen hie, besnie Abraham syn soan Izaäk doe't dy acht dagen âld wie.*⁵

Neffens de apostel Paulus binne de leauwigen yn Kristus besnien, *sûnder minskehannen, mar mei de besnijenis dy't fan Kristus komt; dy't bestiet yn it ôflizzen fan 'e sûndige natuer. Jimme binne mei him begroeven troch de doop, sa skriuwt hy fierder oan de gemeente te Kolosse. Sa hat de tsjerke sûnt de dagen fan de apostels de doop oan de bern betsjinne.*⁷

De doop yn 'e namme fan 'e Heit is in teken en segel dat God de Heit foar ivich syn genedeverbûn mei ús slút. Hy lit dêrmei witte dat Hy ús al syn bern en erfgenamten oannimt, en him foar ús ynset.

De doop yn 'e namme fan 'e Soan is in teken en in segel dat de Hear Jezus al ús sûnden ôfwasket op grûn fan syn lijen en ferstjerren. Wy meie mei him opstean yn in nij libben, befrijd fan sûnde en skuld.

De doop yn 'e namme fan de hillige Geast is in teken en segel dat hy sekuer yn ús wennet en wurket. Hy ferbynt ús oan Kristus en dielt ús yn it heil dat Kristus foar ús fertsjinne hat. De skatten fan Kristus makket Hy ta ús persoanlik eigendom : dat wy skjinwosken binne fan ús smoargens en dat ús deistich libben fernijd wurdt, oant wy ienris mei alle hilligen God loovje sille yn 'e wrâld dy't komt.

Doopoantins

De doop hjit ús God sa om sizzen te dwaan as dat by ús nije libben past. Lit ús dus tawijd wêze oan de iene God – Heit, Soan en hillige Geast. Lit ús him betrouwe en leaf hawwe mei hiel ús hert, mei hiel ús siel, mei hiel ús ferstân en mei al ús krêft. Wy moatte loslitte alles wat ûnhillich is. Ofstjerre moat ús âlde sûndige libben, dat wy hielendal in nij libben lizze yn tsjinst fan God.

As wy út swakkens yn sûnde falle, hoege wy net oan de genede fan God te twiveljen. ⁸ De doop is ommers in segel en fêst teken dat it ferbûn, dat God mei ús sletten hat, ivich is. ⁹ Byinoar kaam om it doopfont hinne wurde wy allegear tsjûge fan de doop fan dit bern en en betinke wy ús eigen doop. Lit ús ús dan net skamje Kristus iepenlik te erkennen, want it evangeelje is *de rêdende krêft fan God ta behâld fan in elk dy't leaut*. ¹⁰

Belidenis

Yn ferbûnens mei de tsjerke fan alle tiden en alle plakken sprekke wy iepenlik út :

Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,
Skepper fan himel en fan ierde.
En yn Jezus Kristus
syn iennichste Soan, ús Hear,
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,
berne út de faam Maria,
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,
krusige, stoarn en begroeven is,
deltein yn it deaderyk,
de tredde deis wer opstien fan de deaden,
opfearn nei de himel,
en sit oan de rjochterhân fan God,
de almachtige Heit,
dêr't Er weikomme sil om te oardieljen
de libbenen en de deaden.
Ik leau yn de hillige Geast,
de hillige, katolike tsjerke,
de mienskip fan de hilligen,
de ferjouwing fan de sûnden
de ferrizenis fan it lichem en it ivige libben.

Fragen oan de âlders

Beminden yn Jezus Kristus, ús Hear, yn leauwe moatte wy de doop begoare, en net út gewoante of foar de foarm Dêrom freegje ik jimme op de folgjende fragen ynfiere te antwurdzjen :

Erkenne jimme dat N.N. tsjoed en skuldich op 'e wrâld kaam is en dêrom oan alderlei ellinde en sels oan it ivich oardiel ûnderwurpen is, mar dat *hy / sy* dochs yn Kristus foar God hillich is, en dêrom as lid fan syn gemeente doopt heart te wêzen ?

Belide jimme dat de lear fan it Alde en Nije Testamint, sa't dy yn 'e Apostoalyske Leauwensbelidenis gearfette is en yn dizze gemeente ferkundige wurdt, de wiere en folsleine lear fan 'e ferlossing is ?

Unthjitte jimme dat jimme jimme *soan / dochter* foargean sille yn in kristlike wize fan libjen en *him / har* sa goed mooglik sille ûnderwize en ûnderwize litte, en lear *him / har* te begripen wat it betsjut doopt te wêzen ?

Heit en mem ... wat is hjir op jimme antwurd ? (*ja*)

Doopbea

Almachtige, ivige God, jo hawwe as in rjochtfeardige rjochter de ûnleauwige wrâld ienris troch de sûndfloed straft, mar Noach en syn húshâlding hawwe jo yn jo grutte barmhertigens rêden. Hiel it leger fan de ûnfersetlike farao fan Egypte hawwe jo omkomme litten yn 'e Reidsee, mar jo folk Israël hawwe jo yn jo barmhertigens dwers troch dyselde see, oer droech lân gean litten. Yn beide foarfallen hawwe jo doe al eat fan de doop sjen litten.¹²

Wy bidde jo, barmhertich as jo binne, N.N. genedich te wêzen. Meitsje dit bern fan jo troch jo hillige Geast ien mei Jezus Kristus. Lit it fia de doop mei jo Soan yn syn dea begroeven wêze en mei him opstean yn in nij libben. Lit it eltse dei fleurich de muoiten drage dy't meikomme mei it folgjen fan Jezus, oan him ferbûn mei ynfieren leauwe, fêste hoop en hertstochtlike leafde. Jou dat it ienris, wis fan jo beloften dit libben ferlitte sil en frijmoedich foar Jezus Kristus ferskine sil, *syn* rjochter en rêder.

Ferhear ús yn 'e namme fan Jezus kristus, jo Soan, dy't mei jo en de hillige Geast, ien ienich God, libbet en regearret yn ivichheid. Amen.

Doopformule

N.N. (folsleine namme), ik doop dy yn 'e namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige Geast.

Oprop oan 'e gemeente

Beminde bruorren en susters, ûntfang as gemeente dit bern mei leafde yn jimme fermidden. Wit jimme roppen dizze âlders te stypjen troch jimme foarbea en jimme foarbyld. Wês ek, wannear dat nedich en mooglik is, echt reewillich, en help der oan mei dat dit bern groeit yn it leauwe, de genede en it kennen fan ús Hear Jezus Kristus. Ommers, *wy allegearre binne ommers yn ien Geast doopt, dat wy binne ien lichem*¹³. Hjirta helpe ús de Hear troch syn Geast.

Tankbea

Barmhertige God en Heit, tankber priizgje wy jo, want jo ferjouwe ús en ús bern al ús sûnden. Jo hawwe ús as leden fan jo Soan en dêrmei as jo bern oannommen. Yn Jezus 'e namme bidde wy jo foar N.N. : Lied *him / har* altiten troch jo Geast. Lit *him / har* neffens jo wurd grut brocht wurde, en yn Kristus ta geastlike groei komme. Dan sil *hy / hja* jo goedens en barmhertigens erkenne en dêrfan tsjûgje. Lit *him / har* hearrich ús ienige learaar, kening en hegepryster, Jezus Kristus folgje. Dan sil *hy / sy* krigel stride tsjin de sûnde, de duvel en hiel

syn ryk. Jou *him / har* de oerwinning dat 't *hy / hja* de ienige en betroubere God – Heit, Soan en hillige Geast – ivich leauwe sil. Amen.

- 1 Mt 28 : 18, 19
- 2 Rom 6 : 3, 4
- 3 Mk 10 : 14
- 4 1 Kor 10 : 2
- 5 Gen 17 : 7, 12; 21 : 4
- 6 Kol 2 : 11, 12
- 7 Mt 28 : 18, 19; Hann 2 : 39
- 8 1 Joh 1 : 9; 3 : 20
- 9 Jes 54 : 10; 2 Tim 2 : 19
- 10 Rom 1 : 16
- 11 *It brûken fan de Apostoalyske Leauwensbelidenis wurdt yn de frijheid fan de foargonger litten*
- 12 1 Petr 3 : 21; 1 Kor 10 : 2
- 13 1 Kor 12 : 13